

Orgaan foar de Fryske taal

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes  
o.f. Mr. J.J.M. Uitermark  
Postbus 20011  
2500 EA DE HAACH

Ljouwert, 1 oktober 2024

Achte minister Uitermark,

Hjirby bied ik jo út namme fan it bestjoer fan DINGtiid, it Orgaan foar de Fryske taal, in update fan it Wurkprogramma 2024/2025 oan. De deputearre fan taal en ûnderwiis fan Provinsje Fryslân, Eke Folkerts, krijt de update fan it wurkprogramma 2024/2025 tagelyk.

Mei freonlike groetnis,

Jan Koster  
foarsitter DINGtiid

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 0.11  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl  
www.dingtiid.frl  
@dingtiid

## Update Wurkprogramma 2024/2025

### Wetlik ramt DINGtiid

De Wet gebrûk Fryske taal is op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden. Dy wet regelet it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear. Haadstik 4 bepaalt dat der in orgaan foar de Fryske taal is, dat as taak hat om de likense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen; dat orgaan hjit DINGtiid. Yn artikel 22 is fierder bepaald dat it orgaan twa jierliks in wurkprogramma foarleit oan de minister, en yn oanrin nei it lêste jier fan sa'n twajierlikse perioade in update jout.

### Taakopfetting

DINGtiid ferfollet syn wetlike taak troch te rapportearjen oer ferlet en winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet gebrûk Fryske taal (2014) en ek ta it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Dêrby rapportearret DINGtiid oan oerheden, bestjoersorganen en gerjochtlike ynstânsjes, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of oars de provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe. Fierder advisearret DINGtiid oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (BZK) en oan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân oer it tastân kommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) en de útfieringskonvenanten, en biedt harren stipe by it opstellen fan regels en beliedsplannen, lykas bedoeld yn art. 5 en 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal. Neist dy wetlike taken befoarderet DINGtiid ek de maatskiplike diskusje oer it Frysk.

### Wurkwize

DINGtiid hat ferskillende wizen om de taken út te fieren en de ambysjes te realisearjen. Sa publisearret DINGtiid ûndersiken, advizen en rapportaazjes, en skriuwt brieven oan bewâldsliju en partijen út it fjild. Dêrneist fiert DINGtiid petearen mei partners en belanghawwenden op it mêd fan de Fryske taal.

Ut en troch wurde dy petearen yn in breder ferbân organisearre en wurde it rûnetafelpetearen, dy't sels it karakter fan minsymptoasia krije kinne: de saneamde 'DINGpetearen'. By in DINGpetear bringt DINGtiid kennis en saakkundigen fan in bepaald ûnderwerp byinoar en biedt de dielnimmers eftergrûn en ynhâld om it ûnderwerp yngreven bedjipje te kinnen; sa besjoen binne DINGpetearen in foarm fan 'fjildkonsultaasje' of 'boargerkonsultaasje'. DINGtiid foarsjocht sa it Fryske fjild fan kennis en perspektyf, mar fuorret ek himsels mei praktykynformaasje en nije of feroarjende ynsjoggen. Yn 2022 is DINGtiid begûn mei in spesjale foarm fan it DINGpetear: de jierlikse 'DINGtiid-lêzing', yn novimber. Dy publykslêzing tsjinnet om it bredere publyk oer in beskaat tema te ynformearjen en yn 'e kunde te bringen mei Frysk taalbelied.

Fan en ta giet DINGtiid op in meardaachske wurkreis om by in oar lytsetalegebiet te sjen hoe't beskate aspekten fan taalpraktyk dêr útwurkje en oer ús eigen wurk en ûnderfinings te fertellen. Sûnt 2023 hat DINGtiid ek in panel fan tolve jonge minsken om him hinne sammele: de asega's.<sup>1</sup> Sy krije de gelegenheid om DINGtiid te fuorjen mei ynput foar advysdossiers.

### **Wurkprogramma 2024/2025**

Yn 2024 is DINGtiid úteinset mei in nij twa jierliks wurkprogramma. De fêststelling fan it wurkprogramma betsjut dat DINGtiid frege wurdt om de trajekten út te fieren lykas foarsteld. Yn de rin fan 2024 wurdt in update fan de fuortgong levere – dat is dizze notysje. Fierder kinne tusken troch altiten, yn goed oerlis, oanpassings oan it wurkprogramma plakfine.<sup>2</sup>

### **Update Wurkprogramma 2024/2025**

Op 31 augustus 2023 hat DINGtiid it Wurkprogramma 2024/2025 yntsjinne. Wy hawwe de ôfspraak mei BZK/Provinsje dat we twajierliks in nij wurkprogramma oanbiede en yn it tuskenlizzende jier in update dêrfan leverje; fia in trochkykje sjogge we ek alfêst in jier foarút.

Hjirûnder folget – yn essinsje ûnferoare – de tekst fan it Wurkprogramma 2024/2025 lykas jo foargonger, minister Bruins Slot, dy yn 2023 fan DINGtiid krigen hat. Under de koarte beskriuwing fan it advysdossier folget de planning fan mooglike DINGpetearen en it ferwachte ôfrûnjen fan de dossiers. Foar elk ûnderwerp is dêrnei in update-alinea taheakke dêr't de wichtichste wizigings wat de foarnommen planning en útfiering oanbelanget yn ferwurke binne.

### **Langetermynambysje mei it Frysk**

“Op 8 desimber 2022 is yn de Twadde Keamer in moasje<sup>3</sup> oannaam dy't te krijen hat mei de fyzje op de takomst fan de Fryske taal. Dat rekket oan in kwestje dêr't DINGtiid al in folle langer skoft geregeldwei op weromkomt, yn syn advizen en ek yn de oerlizen mei ús primêre advyspartners (Ryk en Provinsje) en mei de ComEx fan de Ried fan Europa: der is gjin 'stip op de hoarizon'. Woliswier binne der ambysjes dy't fierder rikke as in pear jier,<sup>4</sup> mar in allesomfiemjende en breeddroegen langetermynambysje foar it Frysk is nea formulearre. Sa'n ambysje moat it perspektyf biede dêr't Fryske partners mei-inoar nei ta wurkje kinne en moat rjochting jaan oan alle foarmen fan dielbelied op it mêd fan it Frysk – lykas ûnderwiisbelied of mediabelied.<sup>5</sup> DINGtiid wol him der yn de kommende BFTK-perioade (2024-2028) foar ynsette dat de dêropfolgjende BFTK ek sa'n dúdlike ambysje befettet, bygelyks mei it jier 2051 (sekuer 100 jier nei Kneppefreed) as oriïntaasjepunt. It advystrajekt begjint al yn 2023 – yn de foarm fan in stúdzjereis nei Wales – en dêrnei sille we it as

<sup>1</sup> Sjoch foar de oanlieding en profilen: <https://dingtiid.frl/jongere-panel-fan-asegas-helpt-dingtiid-mei-frysk-taaladvys/>

<sup>2</sup> Sa binne yn 2023 guon ekstra advizen jûn, of folge dy noch yn 2023, dy't fuortkaam binne út de rige moasjes fan desimber 2022; dat is oars fuort ek de reden dat dy advizen hjirûnder, yn it Wurkprogramma 2024/2025, net ferskine.

<sup>3</sup> Moasje nr. 36200-135.

<sup>4</sup> Taalplan Frysk 2030 is in goed foarbyld.

<sup>5</sup> In ynternasjonale foarbyld fan sa'n langetermynambysje is Cymraeg 2050, de Welske strategy om yn 2050 ien miljoen Welsksprekkers hawwe te wollen. Sjoch: <https://www.gov.wales/cymraeg-2050-welsh-language-strategy>

reade tried troch de kommende BFTK- perioade (2024-2028) rinne litte. Jierliks wolle we hjir in DINGpetear oer organisearje.”<sup>6</sup>

**Update**

*Bestjoer en stêf fan DINGtiid hawwe yn novimber 2023 in tige ynspirearjende wurkbesite brocht oan Wales, dy't nijsgjirrige ynsjoggen oplevere hat foar ús fyzje op de langetermynambysje mei it Frysk. Dy ynsjoggen binne ûnder oaren ferwurke yn ús advysreaksje op de BFTK 2024-2028 oan Ryk en Provinsje Fryslân as tema op himsels, mar ek ferwurke yn ús advysdossiers oer spesifike tema's lykas ûnderwiis of media.*

*Yn juny 2024 hawwe trije Asega's fan DINGtiid it taal- en kultuerfestival Urdd Eisteddfod foar jongerein yn Wales bywenne. Sy krigen fan DINGtiid de opdracht mei om te ûndersykjen oft sa'n festival ek geskikt wêze kinne soe foar jongerein yn Fryslân, mei as doel om de posysje fan it Frysk ek foar de takomst te ferstevigjen. Sy hawwe dêroer yn july 2024 in advys útbrocht oan it bestjoer; de Asega's sille der ek in publyksartikel oer skriuwe, foar it online medium frisistyk.frl. Yn juny 2024 hat DINGtiid in wurkbesite brocht oan de Dútske regio Nordfriesland en oan Landhaupstadt Kiel om ynsjoch te krijen hoe't taalbelied en taalfyzje yn dy fjouwertalige regio (Heechdútsk, Platdútsk, Deensk en (ferskillende dialekten fan it) Noardfrysk) stal jûn wurdt.*

*Yn de twadde helte fan 2025 wolle wy in DINGpetear oer de langetermynambysje mei it Frysk organisearje.*

**Lanlike Kommisje Frysk**

“Op 8 desimber 2022 is yn de Twadde Keamer in moasje<sup>7</sup> oannaam dy't wol dat DINGtiid in advys útbringt oer de ynstelling fan in Lanlike Kommisje Frysk. Dat advys sil neffens ferwachting al yn 2023 by de Minister yntsjinne wêze. It leit yn de reden om oan te nimmen dat DINGtiid ek nei 2023 by dy kommisje behelle bliuwe sil, yn de opstartfaze om taakstelling en agindearring op gong te helpen en dêrnei, sa is de ferwachting, as taharkjend lid fan dy kommisje. It liket ús winsklik en nuttich om yn it ramt fan dit dossier yn 2024 (en eventueel fannijs yn 2025) in DINGpetear yn De Haach te belizzen, bygelyks as in foarm fan fjildkonsultaasje dy't ynput foar dy kommisje opsmite kin.”

**Update**

*Begjin 2024 is DINGtiid úteinset mei konsultaasje oangeande in Lanlike Kommisje Frysk. Der binne ferskate petearen fierd mei útienrinnende partijen om in byld te foarmjen wêr't krekt ferlet fan is en hoe't sa'n kommisje stal krije moatte soe. Yn it fjirde fearnsjier fan 2024 sil DINGtiid it advys (mei de wurknamme 'Lanlike Kennistafel Frysk') útbringe. Nei't de ynhâldlike reaksje fan de minister ynkaam is, wol DINGtiid yn 2025 in DINGpetear yn De Haach belizze om de Lanlike Kennistafel Frysk stal te jaan.*

<sup>6</sup> It belang fan dit advystrajekt wurdt ûnderskreaun troch û.o. Twadde Keamerlid Harry Bevers en de foarsitter fan it Steatekomitee Frysk, Attje Meekma.

<sup>7</sup> Moasje nr. 36200-132.

### Heger ûnderwiis

“Yn 2022 en 2023 hat DINGtiid advisearre oer de sektor fan it akademysk ûnderwiis en ûndersyk.<sup>8</sup> It resultaat – mei nei oanlieding fan de Twadde Keamer-moasje<sup>9</sup> oer de wetlike ferankering fan de universitêre frisistyk – wie in advysbrief oan de ministers fan OCW en BZK;<sup>10</sup> dy brief befette ek ynput foar de BFTK 2024-2028. Yn 2023 hat DINGtiid OCW geregeldwei advisearre oer it proses rjochting sokke wetlike ferankering; dat is ek it doel dat DINGtiid yn it fierdere trajekt sintraal hâlde wol. Boppedat ha wy de KNAW-kommisje Frisistyk foarsjoen fan ynput foar harren ferbetteringsfoarstellen en harren petearpartners oan de hân dien.<sup>11</sup> DINGtiid hat dêrmei, yn goed oerlis mei OCW, geandewei de rol op him naam om de ferskate partners dy’t harren mei de matearje fan akademysk ûnderwiis en ûndersyk dwaande hâlde, yn kontakt mei-inoar te bringen en te hâlden, en te soargjen dat alle ûntjouwings dield en bepraat wurde. Dat proses sil noch oant yn 2024 trochrinne. In ôfslutend DINGpetear yn 2024, om alle partijen nochris byinoar te bringen en mooglike takomstige ûntjouwings te bepraten en dêrop te antisipearjen, leit yn de reden. Om’t synergy mei, benammen, de learare-opliedings by dit dossier wichtich is, ha we it dossier boppedat omdoopt nei ‘Heger ûnderwiis’, yn stee fan it eardere ‘Universitêre frisistyk’.”

### Update

*Sûnt ein 2022 hat DINGtiid trijewykliks oerlis mei amtners fan OCW oer de ûntwikkelingen fan de frisistyk yn it heger ûnderwiis en it sluten fan in konvenant foar de universitêre frisistyk. Dêrfoar hat DINGtiid ek bestjoerlike en amtlike petearen fierd mei Provinsje Fryslân en de Ryksuniversiteit Grins oer it boargjen fan de frisistyk yn it heger ûnderwiis en it sluten fan sa’n konvenant. Op fersyk fan de konvenantpartijen sil DINGtiid fan ‘t hjerst in advys útbringe oer in konsepttekst fan it konvenant.*

*Dêrmeist hat DINGtiid gearwurke mei in KNAW-kommisje dy’t ynsteld is foar it opstellen fan in advysrapport oer de frisistyk. DINGtiid hat holpen by sawol it fasilitearjen fan in ynputsessy (juni 2023) foar de komisje as by it leverjen fan feedback op it konseptrapport, dat desimber 2023 fêststeld is troch it KNAW-bestjoer.*

*Yn 2024 is DINGtiid benadere troch de KNAW om in bydrage te leverjen oan in symposium oer de frisisistyk yn it heger ûnderwiis. Dat soe plakfine yn it twadde fearnsjier fan 2024, mar is earst útsteld nei letter yn 2024.*

### Frysk yn it mbû

“Op 8 desimber 2022 is yn de Twadde Keamer in moasje<sup>12</sup> oannaam dy’t wol dat DINGtiid ûndersyk docht nei de posysje fan it Frysk yn it mbû en dêroer advisearret. Yn oerlis mei OCW en BZK is besletten om dat advys yn twa dielen te spjalten: in ferkenning yn 2023, dy’t dellein wurdt yn in advysbrief, en in djipteûndersyk yn 2024,

<sup>8</sup> It gie om in ferdjipping op in earder advystrajekt oangeande de Kennisynfrastruktuer fan it Frysk (*Op ‘e syk nei nije dynamyk*, 2020).

<sup>9</sup> Moasje nr. 36200-96.

<sup>10</sup> Sjoch foar de brief: <https://dingtiid.frl/advysbrief-oan-provinsje-en-ryk-oer-boarging-universitere-frisistyk/>

<sup>11</sup> De komisje is ynsteld yn desimber 2022. Sjoch foar de taakstelling en gearstalling fan dy komisje: <https://www.knaw.nl/publicaties/de-toekomst-van-de-frisistiek>

<sup>12</sup> Moasje nr. 36200-130

dêr't in advysrapport út fuortkomt. Yn dit trajekt wurdt gearwurke mei de projektgroep 'Wy binne mbû',<sup>13</sup> dy't al langer dwaande is mei it befoarderjen fan it plak fan it Frysk yn it mbû. Foarsjoen wurdt yn ien, mooglik twa DINGpetearen."

#### **Update**

*Op 28 novimber 2023 hat DINGtiid in advys útbrocht oan BZK en OCW mei de earste befinings oer it Frysk yn it mbû.<sup>14</sup> DINGtiid docht dêryn twa oanbefellings. As earste rjochtfeardigje de notiidske praktyk en ambysje binnen it mbû de ryksoerheid om art. 8.1.d ûnderdiel iii fan it Europeesk Hânfêst te ûndertekenjen en sa in al besteande situaasje te bestindigjen. De twadde oanbefelling is om in praktoraat Frysk & Meartaligens yn te stellen foar it mbû.*

*Op 31 maaie 2024 liet minister Dijkgraaf fan OCW yn in (Frysktalige) skriftlike reaksje<sup>15</sup> witte him ynsette te wollen om beide oanbefellings út te fieren. It oprjochtsjen fan dat praktoraat stiet beskreaun yn de BFTK 2024-2028, yn haadstik 2.5.5.*

*By de Wy binne mbû-ynspiraasjedei op 16 oktober 2024 sil DINGtiid-bestjoerder Alex Riemersma in bydrage leverje mei de workshop 'Meer beroepskansen met Frysk en meertaligheid: communicatie, vaardigheid, inzicht en zelfvertrouwen'. DINGtiid sil neffens de plenning syn ferdjipjende ûndersyk foltôgje yn 2025. Fansels bliuwe wy dêrby yn nau kontakt mei sawol it mbû-fjild as de oanbelangjende amtners, en sille wy tuskentrich oer ús fuortgong rapportearje.*

#### **Frysk yn it rjocht**

"Op basis fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014) hat DINGtiid yn 2022 en 2023 fannijs konstruktive petearen fierd mei bestjoerders fan de rjochtbank en it gerjochtshôf oer de winsk om it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal leechdrompeliger te meitsjen en sa de kwaliteit fan de rjochtspraak helpe te ferbetterjen.<sup>16</sup> DINGtiid sil yn 2024/2025 de petearen mei fertsjintwurdigers fan de juridyske sektor trochsette om mei-inoar fierder te ferkennen hokker stappen oft drompelferleegjend wurkje kinne soenen."

#### **Update**

*DINGtiid hat yn novimber 2023 in DINGtiidlêzing organisearre yn in grôtfol Gerjochtshôf yn Ljouwert oer it Frysk yn de rjochtspraak.<sup>17</sup> Gerjochtshôfpresidint Jonneke Oosting en DINGtiidbestjoerder Annalies Outhuijse ha sprutsen oer de kânsen en útdagings fan it brûken fan it Frysk yn de rjochtspraak. Nei de DINGtiidlêzing binne yn 2024 fierdere petearen fierd mei de (nije) presidinten fan it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en de Rjochtbank Noard-Nederlân. Oan de winsk om in wurkgroep Frysk yn de rjochtspraak op te rjochtsjen is yntusken gehoar jûn en yn dat ramt binne ek al de earste stappen set. De praktyk fan it Frysk yn it rjochtsferkear wurdt dêrby yn kaart brocht.*

<sup>13</sup> In gearwurking fan Fryske mbû-ynstellings en de Afûk.

<sup>14</sup> Sjoch: <https://dingtiid.frl/advysbrief-stel-gau-in-praktoraat-frysk-en-meartaligens-yn-foar-it-mbu/>

<sup>15</sup> Sjoch: <https://open.overheid.nl/documenten/dpc-fce06a156ff9b71ea679bb7481d99b03453c845b/pdf>

<sup>16</sup> Wy sille yn novimber 2023 dan ek de twadde 'DINGtiid-lêzing' yn it ramt stelle fan it plak fan it Frysk yn it rjochtslibben.

<sup>17</sup> Sjoch: <https://dingtiid.frl/sfearympresje-dingtiid-lezing-2023-taal-en-rjocht-de-positive-ympakt-fan-frysk-op-de-rjochtspraak/>

*Yn ús advys oer de BFTK 2024-2028 riede wy Ryk en Provinsje ek oan om de ferantwurdlikheid te nimmen, om it Frysk en de posysje fan de Frysktalige boarger te bestevigjen yn juridyske prosedueres. Bygelyks troch it gebrûk fan it Frysk te stimulearjen, benammen ek as de oerheidspartij sels in prosespartij is. DINGtiid bliuwt yn de perioade fan it Wurkprogramma 2024/2025 yn goed petear mei Gerjochtshôf en Rjochtbank.*

### Nij: Frysk yn de media

In ekstra dossier, dat noch net opnaam wie yn it Wurkprogramma 2024/2025 mar dêr op fersyk fan de minister fan BZK ein 2023 oan taheakke is, is 'Frysk yn de media'. Op 8 desimber 2022 is yn de Twadde Keamer nammentlik in moasje<sup>18</sup> oannaam dy't wol dat DINGtiid ûndersyk docht nei de stân fan saken fan it Frysk yn de sjoernalistyk. Yn in bestjoerlik oerlis fan april 2023 ha de minister fan BZK en DINGtiid bepraat dat DINGtiid de stân fan saken datoangeande ûndersiket en oplossingsrjochtings oandraacht om de Frysktalige sjoernalistyk te ferbetterjen. It offisjele advysfersyk is yn july 2023 ynkaam, en hat ta in lettere oanpassing fan it Wurkprogramma laat.

Op 23 jannewaris 2024 hat DINGtiid syn advys útbrocht oan OCW en BZK.<sup>19</sup> Dêryn wurdt ûnder oaren de oanbefelling dien om yn te setten op in minor Frysktalige sjoernalistyk. Ut bepalingen wei yn it Europeesk Hânfêst is it winsklik dat Ryk en Provinsje in finansjele bydrage leverje oan it oplieden fan sjoernalisten foar de Frysktalige sjoernalistyk. DINGtiid riedt boppedat oan om ôfspraken dêroer fêst te lizzen yn de BFTK 2024-2028.

Ryk en Provinsje Fryslân hawwe yn haadstik 2.6.5 yn de BFTK 2024-2028 ôfpraat dat de provinsje yn gearwurking mei de ûnderwiisinstellings foar (oankommende) sjoernalisten in passend en duorsum opliedingsoanbod yn 'e foarm fan in minor ûntwikkelje sil.

Yn ús advys oer de BFTK 2024-2028 skriuwe wy dat 'benammen de ûnwissens oer de finansiering foar de doer fan dizze BFTK-perioade fuortnaam wurde moat, sadat de startperioade fan dizze wichtige minor dêr net fan te lijen hat.'

### Skema DINGpetearen en ôfrûnjen

Troch de yngeande feroarings yn it Wurkprogramma, mei nei oanlieding fan de grutte politike dynamyk en de oerlizzen mei de minister, is it âlde skema DINGpetearen net mear aktueel. Dat skema wie sa:

DINGpetearen	Q	ôfrûnjen
	2024	
Langetermynambysje Frysk	1	
Lanlike Kommisje Frysk	2	
Heger ûnderwiis	3	Heger ûnderwiis
(DINGtiidlêzing)	4	
	2025	
Langetermynambysje Frysk	1	
(Lanlike Kommisje Frysk)	(2)	
Frysk yn it mbû	3	Frysk yn it mbû
BFTK / (DINGtiidlêzing)	4	

<sup>18</sup> Moasje nr. 36200-VII-134

<sup>19</sup> Sjoch: <https://dingtiid.frl/advysbrief-set-yn-op-in-breed-tagonklike-minor-frysktalige-sjoernalistyk/>



Orgaan foar de Fryske taal

It is op dit stuit ek net goed te sizzen hoe't yn it kommand jier de ûnderskate DINGpetearen ynplend wurde sille; dêrfoar binne de politike ûntjouwings oangeande it Frysk te bepalend. Hoe dan ek wolle we DINGpetearen organisearje oer de Lanlike Kennistafel Frysk, it Heger Underwiis en de Langetermynambysje Frysk. It kreative stuit derfan hinget ôf fan de ûntjouwings binnen dy dossiers.





Orgaan foar de Fryske taal

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties  
t.a.v. Mr. J.J.M. Uitermark  
Postbus 20011  
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 1 oktober 2024

Geachte minister Uitermark,

Hierbij bied ik u uit naam van het bestuur van DINGtiid, het Orgaan voor de Friese taal, een update van het Werkprogramma 2024/2025 aan. De gedeputeerde van taal en onderwijs van Provincie Fryslân, Eke Folkerts, krijgt de update van het Werkprogramma 2024/2025 gelijktijdig.

Met vriendelijke groet,

Jan Koster  
voorzitter DINGtiid

## Update Werkprogramma 2024/2025

### Wettelijk kader DINGtiid

De Wet gebruik Friese taal is op 1 januari 2014 van kracht geworden. Deze wet regelt het gebruik van het Fries in het bestuurlijk en rechtsverkeer. Hoofdstuk 4 bepaalt dat er een orgaan voor de Friese taal is, dat als taak heeft om de gelijke positie van de Friese en Nederlandse taal in Fryslân te bevorderen; dat orgaan heet DINGtiid. In artikel 22 is verder bepaald dat het orgaan tweejaarlijks een werkprogramma voorlegt aan de Minister, en in aanloop naar het laatste jaar van zo'n tweejaarlijkse periode een update geeft.

### Taakopvatting

DINGtiid vervult zijn wettelijke taak door te rapporteren over de behoeften en wensen ten aanzien van de Friese taal en cultuur in relatie tot de Wet gebruik Friese taal (2014) alsmede tot het Europees handvest voor regionale talen of talen van minderheden en het Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden. Hierbij rapporteert DINGtiid aan overheden, bestuursorganen en rechterlijke instanties, voor zover die in de provincie Fryslân gevestigd zijn dan wel de provincie Fryslân als werkgebied hebben. Verder adviseert DINGtiid aan de minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties (BZK) en aan Gedeputeerde Staten van de Provincie Fryslân over de totstandkoming en de uitvoering van de Bestuursafpraak Friese taal en Cultuur (BFTK) en de uitvoeringsconvenanten, en biedt ze ondersteuning bij het opstellen van regels en beleidsplannen als bedoeld in art. 5 en 6 van de Wet gebruik Friese taal. Naast deze wettelijke taken bevordert DINGtiid ook de maatschappelijke discussie over het Fries.

### Werkwijze

DINGtiid kent verschillende manieren om de taken uit te voeren en de ambities te realiseren. Uiteraard schrijft DINGtiid adviezen, rapportages en brieven aan bewindslieden en partijen uit het veld. Daarnaast voert DINGtiid gesprekken met partners en belanghebbenden op het gebied van de Friese taal. Zo nu en dan worden die gesprekken in een breder verband georganiseerd en worden het rondetafelgesprekken, die zelfs het karakter van minisymposia kunnen krijgen: de zogenoemde 'DINGpetearen'. Tijdens een DINGpetear brengt DINGtiid kennis en kenners van een bepaald onderwerp bij elkaar en biedt de deelnemers achtergrond en inhoud om het onderwerp optimaal te kunnen doorgronden; zo beschouwd zijn DINGpetearen een vorm van 'veldconsulatie' of 'burgerconsulatie'. DINGtiid voorziet zo het veld van kennis en perspectief, maar voedt ook zichzelf met praktijkinformatie en nieuwe of veranderende inzichten. In 2022 is DINGtiid begonnen met een speciale vorm van het DINGpetear: de jaarlijkse 'DINGtiid-lezing', begin november. Deze publiekslezing dient om het bredere publiek over een bepaald thema te informeren en voeling te geven met Fries taalbeleid.

Af en toe gaat DINGtiid op een meerdaagse werkreis om bij een ander kleinetalengebied te kijken hoe verschillende aspecten van taalpraktijk aldaar uitwerken en om over ons eigen werk en ervaringen te vertellen. Sinds 2023 heeft DINGtiid ook een panel van twaalf jonge mensen om zich heen verzameld: de asega's.<sup>20</sup> Zij krijgen de gelegenheid om DINGtiid te voeden met input voor adviesdossiers.

### **Werkprogramma 2024/2025**

In 2024 is DINGtiid met een nieuw tweejaarlijks werkprogramma begonnen. De vaststelling van het werkprogramma betekent dat DINGtiid wordt verzocht om de trajecten uit te voeren zoals voorgesteld. In de loop van 2024 wordt een update van de voortgang geleverd. Verder kunnen tijdens de looptijd, in goed overleg, aanpassingen aan het Werkprogramma plaatsvinden.<sup>21</sup>

### **Update Werkprogramma 2024/2025**

Op 31 augustus 2023 heeft DINGtiid het Werkprogramma 2024/2025 ingediend. Wij hebben de afspraak met BZK/Provincie dat we tweejaarlijks een nieuw werkprogramma aanbieden en in het tussenliggende jaar een update hiervan leveren; met een doorkijkje kijken we ook alvast een jaar vooruit.

Hieronder volgt – in essentie onveranderd – de tekst van het Werkprogramma 2024/2025 zoals uw voorganger, minister Bruins Slot, die in 2023 van DINGtiid heeft ontvangen. Onder de korte beschrijving van het adviesdossier volgt de planning van mogelijke DINGpetearen en het verwachte afronden van de dossiers. Voor elk onderwerp is hierna een update-alinea toegevoegd waarin de belangrijkste wijzigingen betreffende de voorgenomen planning en uitvoering zijn verwerkt.

### **Langetermijnambitie met het Fries**

“Op 8 december 2022 nam de Tweede Kamer een motie<sup>22</sup> aan die te maken heeft met de visie op de toekomst van de Friese taal. Dat raakt aan een kwestie waar DINGtiid al veel langer regelmatig aan refereert in zijn adviezen en ook in de overleggen met onze primaire adviespartners (Rijk en Provincie) en met de ComEx van de Raad van Europa: er is geen 'stip op de horizon'. Weliswaar zijn er ambities die verder reiken dan een paar jaar,<sup>23</sup> maar een allesomvattende en breed gedragen langetermijnambitie voor het Fries is nooit geformuleerd. Zo'n ambitie dient het perspectief te bieden waar Friese partners met elkaar naar toe kunnen werken en moet richtinggevend zijn aan alle vormen van deelbeleid op het gebied van het Fries – zoals onderwijsbeleid of mediabeleid.<sup>24</sup> DINGtiid wil zich er in de komende BFTK-periode (2024-2028) voor inzetten dat de daaropvolgende BFTK ook zo'n duidelijke ambitie bevat, bijvoorbeeld met het jaar 2051 (exact 100 jaar na 'Kneppelfreed') als

<sup>20</sup> Zie voor de aanleiding en profielen: <https://dingtiid.frl/nl/jongerenpanel-van-asegas-helpt-dingtiid-met-fries-taaladvies/>

<sup>21</sup> Zo zijn in 2023 enkele extra adviezen gegeven, of volgen die nog in 2023, die zijn voortgekomen uit de reeks moties van december 2022; dat is meteen ook de reden dat deze adviezen hieronder, in het Werkprogramma 2024/2025, niet verschijnen.

<sup>22</sup> Motie nr. 36200-135.

<sup>23</sup> Taalplan Frysk 2030 is een goed voorbeeld.

<sup>24</sup> Een internationaal voorbeeld van zo'n langetermijnambitie is Cymraeg 2050, de Welshe strategie om in 2050 een miljoen Welshsprekers te willen hebben. Zie: <https://www.gov.wales/cymraeg-2050-welsh-language-strategy>

oriëntatiepunt. Het adviestraject begint al in 2023 – in de vorm van een studiereis naar Wales – en vervolgens zullen we het als rode draad door de komende BFTK-periode (2024-2028) laten lopen. Jaarlijks willen we hier een DINGpetear over organiseren.”<sup>25</sup>

#### Update

*Bestuur en staf van DINGtiid hebben in november 2023 een zeer inspirerend werkbezoek gebracht aan Wales, die interessante inzichten hebben opgeleverd voor onze visie op de langetermijnambitie met het Fries. Die inzichten zijn onder andere verwerkt in ons adviesreactie op de BFTK 2024-2028 aan Rijk en Provincie Fryslân als thema op zich, maar ook verwerkt in onze adviesdossiers over specifieke thema's zoals onderwijs of media.*

*In juny 2024 hebben drie asega's van DINGtiid het taal- en cultuurfestival Urdd Eisteddfod voor jongeren in Wales bijgewoond. Zij kregen van DINGtiid de opdracht mee om te onderzoeken of zo'n festival ook geschikt zou kunnen zijn voor jongeren in Fryslân, met als doel om de positie van het Fries ook voor de toekomst te verstevigen. Zij hebben hierover in juli 2024 een advies uitgebracht aan het bestuur; de Asega's zullen hierover ook een publieksartikel schrijven, voor het online medium frisistyk.fr.*

*In juni 2024 heeft DINGtiid een werkbezoek gebracht aan de Duitse regio Nordfriesland en aan Landhauptstadt Kiel om inzicht te krijgen hoe taalbeleid en taalvisie in deze viertalige regio (Hoogduits, Platduits, Deens en (verschillende dialecten van het) Noordfries vorm wordt gegeven.*

*In de tweede helft van 2025 willen wij een DINGpetear organiseren over de langetermijnambitie met het Fries.*

#### **Landelijke Commissie Fries**

“Op 8 december 2022 is in de Tweede Kamer een motie<sup>26</sup> aangenomen die wil dat DINGtiid een advies uitbrengt over de instelling van een Landelijke Commissie Fries. Dit advies zal naar verwachting al in 2023 bij de minister zijn ingediend. Het ligt voor de hand om aan te nemen dat DINGtiid ook na 2023 bij deze commissie betrokken zal blijven, in de opstartfase om taakstelling en agendering op gang te helpen en vervolgens, aldus de verwachting, als toehorend lid van de commissie. Het lijkt ons wenselijk en nuttig om in het kader van dit dossier in 2024 (en eventueel wederom in 2025) een DINGpetear in Den Haag te beleggen, bijvoorbeeld als een vorm van veldconsultatie om input voor deze commissie te genereren.”

#### Update

*Begin 2024 is DINGtiid begonnen met consultatie inzake een Landelijke Commissie Fries. Er zijn verschillende gesprekken gevoerd met uiteenlopende partijen om een beeld te vormen waar precies behoefte aan is en hoe zo'n commissie vorm moet krijgen. In het vierde kwartaal van 2024 zal DINGtiid het advies (met de werknaam 'Landelijke Kennistafel Fries') uitbrengen. Nadat de inhoudelijke reactie van de minister is ingekomen, wil DINGtiid in 2025 een DINGpetear in Den Haag beleggen om de Landelijke Kennistafel Fries vorm te geven.*

<sup>25</sup> Het belang van dit adviestraject wordt onderschreven door o.a. Tweede Kamerlid Harry Bevers en de voorzitter van het Statencomité Fries, Attje Meekma.

<sup>26</sup> Motie nr. 36200-132.

## Hoger onderwijs

“In 2022 en 2023 heeft DINGtiid geadviseerd over de sector van het academisch onderwijs en onderzoek.<sup>27</sup> Het resultaat – mede naar aanleiding van de Tweede Kamermotie<sup>28</sup> over de wettelijke verankering van de universitaire frisistiek – was een adviesbrief aan de ministers van OCW en BZK;<sup>29</sup> deze brief bevat ook input voor de BFTK 2024-2028. In 2023 heeft DINGtiid OCW regelmatig geadviseerd over het proces richting zo'n wettelijke verankering; dit is ook het doel dat DINGtiid in het verdere traject centraal wil houden. Bovendien hebben wij de KNAW-commissie Frisistiek voorzien van input voor hun verbetervoorstellen en hun gesprekspartners aangereikt.<sup>30</sup> DINGtiid heeft daarmee, in goed overleg met OCW, gaandeweg de rol op zich genomen om de verschillende partners die zich met de materie van academisch onderwijs en onderzoek bezighouden, met elkaar in contact te brengen en te houden, en te zorgen dat alle ontwikkelingen worden gedeeld en besproken. Dit proces loopt nog tot in 2024 door. Een afsluitend DINGpetear in 2024, om alle partijen nog eens bijeen te brengen en mogelijke toekomstige ontwikkelingen te bespreken en hierop te anticiperen, ligt voor de hand. Omdat synergie met, met name, de lerarenopleidingen bij dit dossier belangrijk is, dopen we het om naar 'Hoger onderwijs', in plaats van het voormalige 'Universitaire frisistiek'.”

### Update

*Sinds eind 2022 heeft DINGtiid driewekelijks overleg met ambtenaren van OCW over de ontwikkelingen van de frisistiek in het hoger onderwijs en het sluiten van een convenant voor de universitaire frisistiek. Hiervoor heeft DINGtiid ook bestuurlijke en ambtelijke gesprekken gevoerd met Provincie Fryslân en de Rijksuniversiteit Groningen over het borgen van de frisistiek in het hoger onderwijs en het sluiten van zo'n convenant. Op verzoek van de convenantpartijen zal DINGtiid in het najaar van 2024 een advies uitbrengen over een concepttekst van het convenant.*

*Daarnaast heeft DINGtiid samengewerkt met een KNAW-commissie die is ingesteld voor het opstellen van een adviesrapport over de frisistiek. DINGtiid heeft geholpen bij zowel het faciliteren van een inputsessie (juni 2023) voor de commissie als bij het leveren van feedback op het conceptrapport, dat december 2023 is vastgesteld door het KNAW-bestuur.*

*In 2024 is DINGtiid benaderd door de KNAW om een bijdrage te leveren aan een symposium over de frisistiek in het hoger onderwijs. Dit zou plaatsvinden in het tweede kwartaal van 2024, maar is eerst uitgesteld naar een later moment in 2024.*

<sup>27</sup> Het ging om een verdieping op een eerder adviestraject betreffende de Kennisinfrastructuur van het Fries (Op zoek naar nieuwe dynamiek, 2020).

<sup>28</sup> Motie nr. 36200-96.

<sup>29</sup> Zie voor de brief: <https://dingtiid.frl/advysbrief-oan-provinsje-en-ryk-oer-boarging-universitere-frisistyk/>

<sup>30</sup> De commissie is ingesteld in december 2022. Zie voor de taakstelling en samenstelling van die commissie: <https://www.knaw.nl/publicaties/de-toekomst-van-de-frisistiek>

### Fries in het mbo

“Op 8 december 2022 is in de Tweede Kamer een motie<sup>31</sup> aangenomen die wil dat DINGtiid onderzoek doet naar de positie van het Fries in het mbo en hierover adviseert. In overleg met OCW en BZK is besloten om dit advies in twee delen op te delen: een verkenning in 2023, die wordt vastgelegd in een adviesbrief, en een verdiepingsonderzoek in 2024, waar een adviesrapport uit voortkomt. In dit traject wordt samengewerkt met de projectgroep ‘Wy binne mbû’,<sup>32</sup> die al langer bezig is met het bevorderen van de positie van het Fries in het mbo. De verwachting is dat er één, mogelijk twee DINGpetearen worden gehouden.”

#### Update

*Op 28 november 2023 heeft DINGtiid een advies uitgebracht aan BZK en OCW met de eerste bevindingen over het Fries in het mbo.<sup>33</sup> DINGtiid doet hierin twee aanbevelingen. Als eerste rechtvaardigen de huidige praktijk en ambitie binnen het mbo de rijksoverheid om art. 8.1.d onderdeel iii van het Europees Handvest te ondertekenen en zo een reeds bestaande situatie te bestendigen. De tweede aanbeveling is om een praktoraat Fries & Meertaligheid in te stellen voor het mbo. Op 31 mei 2024 liet minister Dijkgraaf van OCW in een (Friestalige) schriftelijke reactie<sup>34</sup> weten zich in te willen zetten om beide aanbevelingen uit te voeren. Het oprichten van het praktoraat staat beschreven in de BFTK 2024-2028, in hoofdstuk 2.5.5.*

*Bij de Wy binne mbû-inspiratiedeï op 16 oktober 2024 zal DINGtiid-bestuurder Alex Riemersma een bijdrage leveren met de workshop ‘Meer beroepskansen met Frysk en meertaligheid: communicatie, vaardigheid, inzicht en zelfvertrouwen’. DINGtiid zal volgens planning zijn verdiepende onderzoek voltooien in 2025. Uiteraard blijven wij hierbij in nauw contact met zowel het mbo-veld als de betreffende ambtenaren, en zullen wij tussendoor over onze voortgang rapporteren.*

### Fries in het recht

“Op basis van de Wet gebruik Friese taal (2014) heeft DINGtiid in 2022 en 2023 opnieuw constructieve gesprekken gevoerd met bestuurders van de rechtbank en het gerechtshof over de wens om het gebruik van het Fries in de rechtszaal laagdrempeliger te maken en zo de kwaliteit van de rechtspraak te helpen verbeteren.<sup>35</sup> DINGtiid zal in 2024/2025 de gesprekken met vertegenwoordigers van de juridische sector continueren om met elkaar verder te verkennen welke stappen drempelverlagend zouden kunnen werken.”

<sup>31</sup> Motie nr. 36200-130

<sup>32</sup> Een samenwerking van Friese mbo-instellingen en de Afûk.

<sup>33</sup> Zie: <https://dingtiid.frl/nl/adviesbrief-stel-snel-practoraat-fries-en-meertaligheid-in-voor-het-mbo/>

<sup>34</sup> Zie: <https://open.overheid.nl/documenten/dpc-fce06a156ff9b71ea679bb7481d99b03453c845b/pdf>

<sup>35</sup> Wij zullen in november 2023 dan ook de tweede DINGtiid-lezing in het kader stellen van de positie van het Fries in het rechtsverkeer.

### Update

*DINGtiid heeft in november 2023 een DINGtiid-lezing georganiseerd in een overladen Gerechtshof in Leeuwarden over het Fries in de rechtspraak.<sup>36</sup> Gerechtshofpresident Jonneke Oosting en DINGtiidbestuurder Annalies Outhuijse spraken over de kansen en uitdagingen van het gebruik van het Fries in de rechtspraak. Na de DINGtiid-lezing zijn in 2024 verdere gesprekken gevoerd met de (nieuwe) presidenten van het Gerechtshof Arnhem-Leeuwarden en de Rechtbank Noord-Nederland. Aan de wens om een werkgroep Fries in de rechtspraak op te richten is inmiddels gehoor gegeven en in dat kader zijn ook al de eerste stappen gezet. De praktijk van het Fries in het rechtsverkeer wordt hierbij in kaart gebracht.*

*In ons advies over de BFTK 2024-2028 raden wij Rijk en Provincie ook aan om de verantwoordelijkheid te nemen, om het Fries en de positie van de Friestalige burger te verstevigen in juridische procedures. Bijvoorbeeld door het gebruik van het Fries te stimuleren, vooral ook als de overheidspartij zelf een procespartij is. DINGtiid blijft in de periode van het Werkprogramma 2024/2025 in goed gesprek met Gerechtshof en Rechtbank.*

### **Nieuw: Fries in de media**

Een extra dossier, dat nog niet stond opgenomen in het Werkprogramma 2024/2025, maar dat op verzoek van de minister van BZK eind 2023 is toegevoegd, is 'Fries in de media'. Op 8 december 2022 werd in de Tweede Kamer namelijk een motie<sup>37</sup> aangenomen die wil dat DINGtiid onderzoek doet naar de stand van zaken van het Fries in de journalistiek. In een bestuurlijk overleg van april 2023 hebben de minister van BZK en DINGtiid besproken dat DINGtiid de stand van zaken hiervan onderzoekt en oplossingsrichtingen aandraagt om de Friestalige journalistiek te verbeteren. Het officiële adviesverzoek is in juli 2023 ingekomen, en heeft tot een latere aanpassing van het Werkprogramma geleid.

Op 23 januari 2024 heeft DINGtiid zijn advies uitgebracht aan OCW en BZK.<sup>38</sup> Hierin wordt onder andere de aanbeveling gedaan om in te zetten op een minor Friestalige journalistiek. Vanwege bepalingen in het Europees Handvest is het wenselijk dat Rijk en Provincie een financiële bijdrage leveren aan het opleiden van journalisten voor de Friestalige journalistiek. DINGtiid raadt bovendien aan om afspraken hierover vast te leggen in de BFTK 2024-2028.

Rijk en Provincie Fryslân hebben in hoofdstuk 2.6.5 in de BFTK 2024-2028 afgesproken dat de Provincie in samenwerking met onderwijsinstellingen voor (toekomstige) journalisten een passend en duurzaam opleidingsaanbod in de vorm van een minor zal ontwikkelen.

In ons advies over de BFTK 2024-2028 schrijven wij dat 'vooral de onzekerheid over de financiering moet voor de duur van deze BFTK-periode worden weggenomen, zodat de startperiode van deze belangrijke minor hier niet onder te lijden heeft.'

<sup>36</sup> Zie: <https://dingtiid.frl/nl/sfeerimpressie-dingtiid-lezing-2023-taal-en-recht-de-positieve-impact-van-fries-op-de-rechtspraak/>

<sup>37</sup> Motie nr. 36200-VII-134

<sup>38</sup> Zie: <https://dingtiid.frl/nl/adviesbrief-zet-in-op-een-breed-toegankelijke-minor-friestalige-journalistiek/>

### Schema DINGpetearen en afronding


Door ingrijpende veranderingen in het Werkprogramma, mede naar aanleiding van de grote politieke dynamiek en de overleggen met de minister, is het oorspronkelijke schema DINGpetearen niet meer actueel. Dat schema was als volgt:

DINGpetearen	Q	Afronding
	<u>2024</u>	
Langetermijnambitie Fries	1	
Landelijke Commissie Fries	2	
Hoger onderwijs	3	Hoger onderwijs
(DINGtiid-lezing)	4	
	<u>2025</u>	
Langetermijnambitie Fries	1	
(Landelijke Commissie Fries)	(2)	
Fries in het mbo	3	Fries in het mbo
BFTK / (DINGtiid-lezing)	4	

Het is momenteel ook niet goed te zeggen hoe in het komende jaar de verschillende DINGpetearen zullen worden ingepland; hiervoor zijn de politieke ontwikkelingen betreffende het Fries te bepalend. Hoe dan ook willen we DINGpetearen organiseren over de Landelijke Kennistafel Fries, het Hoger Onderwijs en de Langetermijnambitie Fries. Het precieze moment ervan hangt af van de ontwikkelingen binnen die dossiers.



#0000#00#X0X000X# - MEXZ



Minister van Binnenlandse Zaken  
en Koninkrijksrelaties  
t.a.v. Mr. J.J.M. Wittermark  
Postbus 20011  
2500 EA Den Haag

DINGtid

8g13 CK - u (0.03)